

Ferslach fan de mienskiplike jûn fan 5 april.

62 Minsken koenen it paad fine nei it Marcuscsintrum yn Utert om dêr te genietsjen fan it toanielstik “MAITIID”, op ‘e planken set troch it projekt-selskip ‘FJOER’.

Haye van der Heyden hat wer in prachtich toanielstik skreaun.

Trije minsken mei elk in geheim. In widdo (Marja) mei in te jong ferstoarne soan; in troude man (Martin), widner sûnt in pear dagen, mei al 10 jier in freondinne; de freondinne (Stella) dy’t har besoademitere fielt, mar dochs net sûnder Martin kin of wol.

Wie it allegear drôvich? No nee, der is ferskriklik lake en dochs wie ûnderhûds wol it serieuzere te fernimmen.

De ferskate dialogen waarden ferbûn troch gitaarmuzyk en sang, *wat in fynst* – en wat in goede muzikanten.

Yn it tredde diel giet it trio nei Frankryk, nei it húske fan Marja, in ‘feel good’-húske! De spanning tusken de trije minsken is ferdwûn en elkenien fielt him lokkich yn it moaie Frankryk. En dat gefoel waard nochris ûnderstreke troch it mei elkoar en de seal sjongen fan ‘De ballade van de gelukkige mensen’.

*La Ballade Des Gens Heureux
Notre vieille Terre est une étoile
Où toi aussi et tu brilles un peu
Je viens te chanter la ballade
La ballade des gens heureux
Je viens te chanter la ballade
La ballade des gens heureux*

Marja, Martin en Stella sitte noflik by elkoar, plannen wurde makke ûnder it geniet fan in flesse wyn, de twadde sil ek noch iepene wurde en dan ynienen: “Ik gean” seit Martin – en hy ferdwynt yn de nacht. Wêr hinne? No bliuw ik spitigernôch sitte mei in ûnbeäntwurde fraach.

Letter docht bliken dat er in slimme sykte ûnder de lea hie sûnder kâns op betterskip. De twa froulju bliuwe noch twa moannen yn Frankryk, sette in bric-en-brac negoasje op, en der wie ek wer romte foar nij gelok.

Wat in spilers fan Selskip ‘Fjoer’! Tige rolfêst en wat op my sa’n yndruk makke – ik sjoch graach nei Ingelske searjes fanwegen it natuerlike spyljen! – is, dat dizze minsken net samar in toanielroltsje spile. Sok natuerlik spyljen, sy *wienen* dizze minsken. Fantastysk.

Ida Knobbe